



Leden gearkomste ' de Fryske Boerepream' 14-3-2018

- Jûns 8 oere yn It Sylhûs yn Heech
- Oanwêzich 44 leden-stipers-mjitters.

1- Jack iepent mei in wolkom en freget akkoard foar de aginda

2- Meidielings en ynkommen stikken,

De feriening de Nije Sylpream hat gjin mooglikheid om de proloog te organisearjen

Is der genôch animo yn ús eigen feriening om dat te organisearjen?, sa'n 5 oanwêzigen wolle meidwaan.

Om as feriening kollektyf in fersekering te regeljen mei P&I der by smyt neat gjin ekstra 's en/of besparring op en wy dogge hjir fierders ek neat mei.

3- De notulen fan de foarige gearkomsten fan 1-2-2017 en 14-12-2017 wurde sûnder feroarjen goedkard.

4- It finansjeel ferslach leit op tafel en wurd fierder troch Jan Slotboom taljochte.

Besjoen sil wurde om de kosten fan it automatyske ynkasso te beheinen. Peter de Koe seit dat der ek via in app [tikkie hebbes?] it hiel ienfâldich en rap /fergees te regeljen is. Dit wurd útsocht.

5- Ut namme fan de kaskommisje docht Dominicus Reekers ferslach en alles is tige yn oarder.

Nije kaskommisje wurd beneamd: Klaas Postma , Peter de Koe en as reserve, Jan de Wilde.

6- De begrutting foar 2018 wurd goedkard.

7- Yn ferban mei feilichheids-foarskriften is it by de wedstriden ferplicht in bemanning-list by it ynskriuwen yn te leverjen.

Ien en oar te kombinearjen mei automatyske ynkasso. De stipers bydrage, minimaal 4, per pream yn ienkear fia de skipper te innen.

Ek kin elke kear by in wiziging fan bemanning dit foar de wedstriid oanmelden wurde by it palaver.

8- We sille dit jier wer ûnder de regels fan 2017 sile. De fêststelde gewichten died inkelde preammen neffens de âlde mjittingen no ha en nei de weaging dit net



mear hoege, meie derút, as de pream no yn it “rjochter rijtsje” stiet. Dit jildend, meie de gewichten derút u.o. by pream nr. 29. Troch stimming fêststeld.

- 9- It foarstel om in kommisjes te ynstallearjen, foar de ‘handicap-mjit formule’:

de oanpassingen en it hanthavenjen ensf. In bylage by de aginda jout hjiroer útlis. De “handicap”formule sil fierder besjoen en útwurke wurde yn dizze kommisje, died bestiet út:

Ygram Ykema – bestjoer/eigener/skipper, Jaap Faber – bestjoer,
Peter Tolsma – mjitter DFB, Sjouke Kalsbeek –eigener/skipper,
Klaas Postma – skipper, Simon van der Meulen - eigener.

De kommisje sil ien en oar opmjitte en in ferslach meitsje fan preammen died eartiids feroare binne. Dernei sille sy in advies útbringe: wat te dwaan en wat mooglik is om ta te stean.

[Klaas Postma seit,mjit alles op en kom dan mei in nul punt]

- 10- In fraach fan, [skriftelik ynkommen] Erik Jansma?

Is der in mooglikheid om in klasse fan gruttere preammen te hawwen, foarbyld ‘in A grut’.

Der binne no noch net genôch grutte preammen[2] en it sil de kompetysje ek net moaier meitsje. Ek moatte we der goed wach fan wêze, dat ien en oar net ta skea gean moat fan de hiele Fryske kompetysje.

- 11- Yn de bestjoersferkiezing binne Jack van der Berg en Ane de Jong perodyk [6 en 9 jier] ôftrêdend. Beide binne net wer beskikber.

It bestjoer hat tige har bêst dien om kandidaten te finen mar is net slagge.

Ald foarsitter Sjoerd Joustra docht in tige needsaaklike oprop oan de leden om kandidaten oan te leverjen: **elke pream soe ien oanjaan moatte!**

Sittend bestjoerslid Ygram Ykema freget om kandidaten, want it is mei 3 bliuwende bestjoersleden allinne net te dwaan.

Foar de hjerst moatte der beslist 2 bestjoersleden by!

- 12- We sile dit jier wer farre ûnder de KNWV reglemint, it wite boekje.

Wol is de fraach om de ‘dipstart’ foar alle wedstriden te ferbieden, mar it is better, dit regelje te litten troch de organisearjende sylkommisje/feriening. Sy kin dizze regel tapasse [flagge/palaver].



13- Omfraach -

Jan Slotboom freget leden om foto's en ferhalen fan de preammen foar op de fernijde website fan 'de Fryske Boerepream', en freaget oan Lieuwe van Kampen nei de 'âlde wikkelpriis' fan 'de Fryske Boerepream'.

Lieuwe van Kampen fan de sylferiening "Onder Ons" út Terherne hat noch in âlde wikkelpriis fan 'de Fryske Boerepream'. Dizze stie/lei altyd noch by ús earelid Sjerp de Vries. Dizze priis wolle se wer yntrodusearje by de wedstriden: it wurd mei applaus ûntfongen.

Fraach oan Terherne - kin it palaver ek yn it kafee 'De Zevenwouden'?
Dit wurd besjoen troch Onder Ons.

Peter Tolsma seit dat der om tocht wurde moat, wat de leden wol of net op de website sette y.f.m. de nije wet op de privacy.

Ynze Bouma [mjitter] freget wannear de noch te weagjen preammen weage wurde, en wer![noch 4 moatte noch weage wurde] Yn Wâldsein moat dit plakfine!!!

Ygram Ykema freget oandacht foar de twa ôfrêdende bestjoersleden:
Jack van der Berg hat 6 jier sit hâwn en Ane de Jong 9 jier!

Wurde tige betanke foar al it wurk wat se foar de feriening dien ha, en krije in bosk blommen en in kadobon oanbean ûnder in grut applaus fan de oanwêzige leden.

Sa fierder gjin fragen mear yn de omfraach en slút de foarsitter it offisjele part fan de gearkomste.

14- Pauze

15- Epie Gerritsma fan de sylferiening fan Heech jout noch in útlis oer de regleminten[wite boekje]: dit is tige learsum en goed dat ien en oar ris goed útlein wurd. Der is te min tiid om alles goed troch te nimmen en sil tink ik letter op in aparte jûn mei de Nije Sylpream nochris oerdien wurde.

Goed 11 oere slút Jack de gearkomste en winsket elkenien in wol thús!

Ane de Jong.